

Kinderbijbel 'VOOR JOU'

Bernebibel 'FOAR DY'



Bernebibel FOAR DY

Kinderbijbel VOOR JOU

Lieve kleinkinderen,

*Deze kinderbijbel is voor jullie, onze acht kleinkinderen.
Jullie omie Zwanny heeft deze kinderbijbel 'Foar Dy' uit het Fries in het Nederlands vertaald, omdat Anniek ons vragen stelde, waarop wij proberen in dit boek jullie een antwoord te geven.*



Anders M. Rozendal
Wendela Kluitenberg

Vertaald door omie Zwanny Visser-Zandt

Foar dy 20 bibelferhalen



DE FRYSKE BOEKEKLUB
KRISTLIK FRYSKE FOLKSIBBLETEEK
Nû. 500

Meppel, maandag 21 oktober 2019

Lieve Kleinkinderen,

*Een poosje geleden kreeg ik van Anniek de vraag: 'Wie is God?'
En gisteren vroeg Anniek aan Pake: 'Wat is bidden ?'
Wat een moeilijke vragen Anniek.
Maar misschien hebben de andere kleinkinderen van ons deze vragen
ook wel. Daarom ga ik proberen om antwoorden te geven.*

Wie is God? Wie is God voor Omie?

*God is mijn Vader die in de Hemel woont. Hij heeft mij het leven
gegeven. Dat geloof ik en daar ben ik heel blij mee.
God houdt van mij en geeft mij kracht als ik het moeilijk heb.
Als ik ziek ben of als ik me zorgen maak. Ik kan dan alles aan God
vertellen en daar word ik meestal rustig van.*

*Nu zullen jullie zeggen: 'Ja dat weten we. Jouw papa is dood. Logisch
dat die in de Hemel woont.'
Maar Omie bedoelt niet mijn papa Jelmer. Ik bedoel God, die ik als mijn
Hemelse Vader zie.*

*Nu vragen jullie vast: 'Hoe weet je dat zo zeker, Omie?'
Dat is een heel moeilijke vraag, want ook ik heb God nog nooit gezien of
gehoord.
Vroeger toen ik nog klein was, vertelde de meester of de juf op school
verhalen over God en over zijn zoon Jezus. Die verhalen staan in dat
grote dikke boek, dat de Bijbel heet.*

*Waar de Hemel is, weet ik niet.
Als wij het woordje Hemel zeggen, kijken we altijd omhoog, naar de
lucht, hè. Maar de lucht is de Hemel niet.
Voor mijn gevoel is de Hemel overal, waar het fijn is. Waar geen ruzie is,
waar je niet ziek bent, waar je genoeg te eten hebt, waar je genoeg
kleden hebt.
Gewoon, de Hemel is waar je gelukkig bent en niet bang hoeft te zijn.*

*Ik geloof dat God en zijn zoon Jezus in de hemel zijn, waar wij ook naar
toe mogen gaan, wanneer wij dood gaan.*

In landen waar erge oorlog is, daar is volgens mij op dat ogenblik zeer zeker de Hemel niet. Die mensen daar hebben verdriet en zijn bang. Ze hebben honger en geen kleding. Daar is het echt niet fijn.

Dan kom ik op de volgende vraag van Anniek: 'Wat is bidden?'

Bidden is praten met God. Hem alles vertellen.

Als je gelooft zoals Omie, dan is God altijd bij je, ben je nooit echt helemaal alleen. Ook al ben je wel eens verdrietig of boos. Of, dat je denkt dat je papa en mama je niet begrijpen en je ze behoorlijk stom vindt. Dat mag je allemaal aan God vertellen.

Net zoals je met je papa en je mama praat en je ze alles kunt vertellen, zo kun je (mag je) ook alles aan God vertellen.

Bidden mag overal, in je bed, of zoals Pake en Omie doen voor het eten. We zeggen dan: 'Dankjewel God, dat we eten hebben vandaag. Maar wilt u ook voor andere mensen zorgen, die geen eten hebben?'

Je kunt alles tegen God zeggen. Maar er is een groot verschil tussen praten met God of praten met je papa of je mama. God praat niet direct terug en ook nooit hardop. Dat is best moeilijk.

Je mag God ook alles vragen, maar God geeft je niet alles, want God is geen Sinterklaas. Voor cadeautjes heb je je papa en je mama en je familie.

Lieve kleinkinderen, nog nooit heeft iemand van jullie zulke moeilijke vragen aan ons gesteld, zoals Anniek nu gedaan heeft.

Ik weet ook niet Anniek of je mijn antwoorden wel goed vindt.

Omie en Pake geloven dit en geloven is hetzelfde als vertrouwen.

Als je papa en je mama je iets beloofd hebben, dan vertrouw je erop dat ze het doen. Zo is het met geloven ook. Je vertrouwt jezelf toe aan God en aan Jezus. Ik kan jullie niet laten zien, niet bewijzen dat God bestaat. Was het maar zo. Maar dan had ik deze vragen van Anniek niet gekregen.

Lieve kleinkinderen, ik hou van jullie allemaal. Heel veel liefs.

Jullie Omie.



Bidde is

prate mei God
Him fan alles fertelle
oer de moaie dingen:
blommen
skiep
in lyts poeske
en dyn leave beppe
meist ek wol prate oer net sokke moaie dingen:
rûzje mei ien
mem dy't lilc op dy wie
datst rare wurden sein hast
alles meist oan God fertelle
meist Him ek wol Heit neame



Bidden is

praten met God.
Hem van alles vertellen
over de mooie dingen:
de bloemen
het schaap
een klein poesje
en je lieve papa en mama.
Maar je mag ook wel praten over niet zulke mooie dingen:
ruzie met een vriendje of vriendinnetje
mama of papa die boos op je was
omdat je rare woorden hebt gezegd.
Alles mag je aan God vertellen
en je mag Hem ook wel Vader noemen.

Amen

In moaie tún

Dit ferhaal giet oer in moaie tún. Mei prachtige blommen en strûken. God sels hat dy tún makke. Der wenje twa minsken yn dy tún. Adam en Eva. Der wenje ek in protte bisten yn 'e tún. Grutte oaljefanten. En spinnen, en noch oare bisten. En fûgels. Lytse moskjes, downen, en grutte seefûgels. En pauwen en papegaaien. Dy ha prachtige kleuren. Blau en grien, en read en giel. Yn 'e tún steane ek in protte beammen. Beammen mei kastanjes en guon mei ikeltsjes. En guon mei appels of parren.



Een mooie tuin

Dit verhaal gaat over een mooie tuin. Met prachtige bloemen en bomen en struiken.

God zelf heeft de tuin gemaakt. In de tuin wonen twee mensen. Adam en Eva.

Er wonen ook heel veel dieren in de tuin. Grote olifanten, giraffen, leeuwen en apen.

En ook spinnen, mieren en nog veel meer beesten.

Ook zijn er vogels, kleine musjes, duiven en grote zeevogels.

En pauwen en papagaaien. De papagaaien hebben prachtige kleuren. Blauw en groen, en rood en geel. In de tuin staan ook heel veel grote bomen.


Bomen met kastanjes en bomen met eikeltjes.

Ook zijn er bomen met appels en peren.



Op in dei sitte Adam en Eva yn it gers ûnder in beam.
Se sjogge nei de bisten. Dy binne moai oan it boartsjen.
In tiger en in hazze dogge in spultsje. Wa't it hurdste rinne kin.

Op een dag zitten Adam en Eva in het gras onder een boom.
Ze kijken naar de beesten. Die zijn mooi aan het spelen.
Een tijger en een haas doen een spelletje. Wie het snelst kan lopen.



De tiger kin it hurdst. Mar hy lit de hazze ek wolris winne.
 As se wurch binne, geane se lizzen te sliepen. Moai tsjininoar oan.
 Eva freget: 'Adam, wêr is God no?' Adam wiist om him hinne. 'Hy is
 hjir by ús. Kinst Him net sjen. Mar Hy is altyd by ús.'

De tijger kan het snelst. Maar hij laat de haas ook wel eens winnen.
 Als ze moe zijn, gaan ze samen liggen slapen. Mooi dicht tegen elkaar
 aan.

Eva vraagt: 'Adam, waar is God nu?'


Adam wijst om hem heen.

'Hij is hier bij ons. Je kunt Hem niet zien. Maar Hij is altijd bij ons.'



Eva wol mear witte. Adam fertelt:
'It wie hjir earst net moai. Der wie neat.
En it wie oeral tsjuster. God woe it moai meitsje. Hy makke
earst ljocht. Mei de sinne, de moanne en de stjerren. En
doe it wetter en it lân. En doe de beammen, it gers en de
blommen.'

Eva wil meer weten. Adam vertelt:
'Het was hier eerst niet zo mooi. Er was hier niets.
En het was overal donker. God wou het mooi maken.
Hij maakte eerst het licht.
Dat deed Hij met de zon, de maan en de sterren.
En toen kwam het water en het land.
Toen de bomen, het gras en de bloemen.'



Mar de bisten?' freget Eva.
'Dy hat God ek makke. En us ek.
Dy en my. Om op de tûn te passen.
Op de bisten, de beammen en de
blommen.' Eva is bliid. 'Dat wol ik wol.'
'Ik ek,' seir Adam, 'dat wol ik ek wol.'
Se jouwe inoar in tûtsje. Se wolle ek op
elkoar passe. Sa leaf fine se elkoar.

11

'Hoe kwamen de dieren?' vraagt Eva.
'Die heeft God ook gemaakt. En ons ook.
Jou en mij. Om op de tuin te passen.
Maar ook op de dieren, de bomen en de bloemen,'
Eva is blij.
'Dat wil ik wel.'
'Ik ook,' zegt Adam, 'ja, dat wil ik ook wel.'
Ze geven elkaar een kusje. Ze willen ook op elkaar passen.
Ze vinden elkaar lief en houden van elkaar.


Allegear wetter

God hie de ierde hiel moai makke.
En Adam en Eva holden in soad fan inoar.
Mar letter binne der oare minsken.
Dy hâlde net fan inoar.
Se meitsje altyd rûzje.
En se binne oan it fjochtsjen.
In pear minsken dogge dat net.
Dat binne Noach en syn
frou en syn bern.




Allemaal water.

God had de aarde heel mooi gemaakt.
En Adam en Eva hielden heel veel van elkaar.
Maar later zijn er ook andere mensen.
Die houden niet van elkaar.
Ze maken altijd ruzie.
En ze zijn aan het vechten.
Een paar mensen doen daar niet aan mee.
Dat zijn Noach en zijn vrouw en hun kinderen.




God tinkt:
Al dy rûzjes en dat fjochtsjen,
dat wol ik net. Ik begjin opnij!
Mei Noach en syn frou en bern.
God seit tsjin Noach:
'Do moatst in hiele grutte
boat bouwe. In arke.
Do en dyn húshâlding
moatte dêr in skoftke yn wenje.
En der komme ek in hiel soad
bisten yn te wenjen.'

God denkt:
Al die ruzies en dat vechten
dat wil ik niet. Ik begin opnieuw.
Met Noach en zijn vrouw en kinderen.
God zegt tegen Noach:
'Jij moet een hele grote boot bouwen. Een ark.
Jij en je hele familie moeten daar een poosje in wonen.
En er komen ook heel veel dieren bij jou in de ark te wonen.'



Noach begjint dalik. Hy kappet beammen en seaget dêr planken fan.
Dan begjint er te timmerjen. Samar, midden op it lân. De minsken
laitsje him út. Mar Noach timmeret gewoan troch. Alle dagen wer.

Noach begint gelijk. Hij kapt bomen om en zaagt er planken van.
Dan begint hij te timmeren. Zomaar, midden op het land.
De mensen lachen hem uit. Maar Noach timmert gewoon door.
Alle dagen weer.



Op in dei is de arke klear. Dan stjoert God de bisten. Fan alle soarten
 twa: in mantsje en in wyfke. Noach wiist se in plakje: Jim hjir en jim
 dêr. As alle bisten en Noach mei syn frou en bern yn de arke binne,
 docht God sels de doar ticht. Stiif ticht.

Op een dag is de ark klaar. Dan stuurt God de dieren.
 Van alle soorten twee, een mannetje en een vrouwtje.
 Noach wijst ze een plekje: Jullie hier en jullie daar.
 Als alle dieren en Noach en zijn vrouw en kinderen in de ark zijn,
 doet God zelf de deur dicht.
 Heel goed dicht.

It begjint te reinen. Hiel fûl te
 reinen. Ien dei, twa dagen, trije
 dagen... Mei-inoar fjirtich dagen en
 nachten. It wetter komt heger en
 heger. De minsken bûten ferdrinke.
 Mar de arke begjint te driuwen.
 Hûndertfyftich dagen lang. Dat is
 hiel lang. Dan sakket it wetter.
 En op in dei is it: BOEM!
 De arke sit fêst op in berch.



Het begint te regenen
 Heel hard te regenen.
 Een dag, twee dagen, drie dagen....
 Met elkaar veertig dagen en nachten.
 Het water komt hoger en hoger.
 De mensen buiten verdrinken.
 Maar de ark begint te drijven.
 Honderdvijftig dagen lang. Dat is heel lang.
 Dan zakt het water.
 En op een dag dan is het: BOEM!
 De ark staat vast op een berg.



Noach wachtet oant it hielendal drûch is. Dan kinne se út de arke.
 De bisten springe en huppelje, sa bliid binne se. God seit tsjin
 Noach: 'Sa'n protte wetter komt der net wer. Dat wol Ik net wer. Ik
 wol in freon fan alle minsken en bisten wêze. Oan de reinbôge kinst
 dat witte. Ast dy sjochst, witst wer dat Ik dyn freon bin. Foar altyd.'

Noach wacht tot de aarde helemaal droog is. Dan kunnen ze uit de ark.
 De dieren springen en huppelen, zo blij zijn ze.
 God zegt tegen Noach: 'Zoveel water komt er nooit weer. Dat wil Ik niet
 weer. Ik wil een vriend zijn van alle mensen en dieren.
 Als je de regenboog ziet, denk dan maar aan wat ik je nu gezegd heb.
 Als je die ziet, weet je weer dat ik je vriend ben.
 Voor altijd.'



In hege toer

Moatst ris sjen. Safolle minsken. Wat dogge se? Se binne oan it wurk. Se sjouwe mei stiennen. Swiere stiennen. Dy sjouwe se nei boppen. Dêr lizze se dy stiennen opinoar. Mei speesje dertusken. Heger en heger. Se wolle in toer bouwe. In hege toer. 'Dan kinst nooit ferdwale,' sizze se. 'Ast de toer sjochst, komst altyd wer thús. Sa bliuwe wy moai byinoar.' Mar dat wol God net. Hy hat de wrâld hiel grut makke. De minsken moatte oeral wenje. Dat wol God graach. Dêrom betinkt Er in plan.



Een hoge toren

Moet je eens kijken. Zoveel mensen. Wat doen die? Ze zijn aan het werk. Ze sjouwen met stenen. Zware stenen. Ze sjouwen ze helemaal naar boven.

Daar leggen ze de stenen op elkaar. Met cement ertussen.

Hoger en hoger. Ze willen een toren bouwen. Een hoge toren.

'Dan kun je nooit verdwalen,' zeggen ze.

'Als je de toren ziet, kom je altijd weer thuis. Zo blijven we mooi bij elkaar.'

Maar dat wil God niet. Hij heeft de wereld heel groot gemaakt. De mensen moeten overal wonen. Dat wil God graag. Daarom bedenkt God een plan.

Op in dei sille de minsken de
toer noch heger meitsje. Mar as
se prate ferstiet de iene de oare
net mear. De iene ferstiet allinne
mar Frysk. En in oaren allinne mar
Dúts. En wer in oaren allinne mar
Sinees. Se krije rûzje. In hiel
soad rûzje.



20

Op een dag willen de mensen de toren nog hoger maken. Maar, als ze tegen elkaar praten, verstaan ze elkaar opeens niet meer. De één verstaat alleen maar Nederlands, de ander Fries, weer een ander Arabisch of Engels of Duits of alleen maar Chinees. Ze krijgen ruzie. Héél veel ruzie.



De minsken wolle net mear byinoar
bliuwe. Se geane allegear fuort. De iene
giet nei Fryslân. De oare nei Dútslân.
Wer in oaren nei Sina. De toer is noch net
ôf. Dy stiet dêr mar. Hiel lang. De sinne
skynt derop. Dan reint it wer. Soms waait
it hiel hurd. De speesje tusken de
stiennen lit los. Earst falt ien stien
nei ûnderen. Dan noch ien.
En noch ien. Op in dei
waait it hiel fûl. En dan
falt de hiele toer om.

De mensen willen niet meer bij elkaar blijven. Ze gaan allemaal weg.
De één gaat naar Nederland. De ander naar Friesland. Weer een ander
naar China of naar Duitsland.
De toren is nog niet af. Die staat er maar. Heel lang.
De zon schijnt er op.
Dan regent het weer. Soms waait het heel hard.
Het cement tussen de stenen laat los.
Eerst valt één steen naar beneden. Dan nog één.
En nog één.
Op een dag stormt het heel erg.
En dan valt de hele toren om.


Abraham moat nei bûten

Foar in tinte stiet in man. Kinst
him hast net sjen, want it is nacht.
Allinne de moanne en de stjerren
jouwe in bytsje ljocht. Dy man hyt
Abraham. Hy wennet yn dy tinte.
Abraham is al âld, mar ek hiel ryk.
En hy is in freon fan God.
Abraham hat alles wat er wol.
Alles? Nee, net alles.



Abraham moet naar buiten.

Voor de tent staat een man.
Je kunt hem haast niet zien, want het is nacht.
Alleen de maan en de sterren geven een beetje licht.
De man heet Abraham.
Hij woont in die tent.
Abraham is al oud. Hij is ook heel rijk.
En hij is een vriend van God.
Abraham heeft alles wat hij hebben wil.
Alles? Nee, niet alles.



Abraham 'en syn frou hawwe gjin bern. En no is syn frou Sara
te âld. Wol sa âld as in beppe. Doe't se jong wienen, frege
Abraham God om bern. Hiel faak. Mar it help net. Mar krekt,
yn de tinte, hearde Abraham in stim. It wie God syn stim.
God sei: 'Abraham, gean nei bûten.' En no stiet er hjir.
Foar de tinte. Mar wat moat er hjir?

Abraham en zijn vrouw hebben geen kinderen. En nu is zijn vrouw Sara te oud.

Ze is zo oud als Omie.

Toen ze nog jong waren, vroeg Abraham God om kinderen.


Heel vaak. Maar het heeft niet geholpen.

Maar zo pas in de tent, hoorde Abraham een stem. Het was God zijn stem.

God zei: 'Abraham, ga naar buiten.'


En nu staat hij buiten. Voor de tent.

Maar wat moet hij hier?



Hy wachtet. Dan heart er de stim fan God wer. 'Sjoch omheech, Abraham. Sjoch nei de himel. En tel de stjerren.' De stjerren telle? Dat kin Abraham net. Mar hy begjint wol te tellen. 'Ien, twa, trije, fjouwer, fiif...' En sa mar troch. Abraham is yn 'e war. Hy sjocht hieltyd mear stjerren. 'Ik jou it op,' seit er tsjin God. 'Der binne safolle. Se binne net te tellen.' God laket. 'Do hast gelyk. Se binne net te tellen.'

Hij wacht. Dan hoort hij weer de stem van God.
'Kijk omhoog, Abraham. Kijk naar de lucht. En tel de sterren.'
De sterren tellen?
Dat kan Abraham niet. Maar hij begint wel te tellen.
'Eén, twee, drie, vier, vijf...' En zo gaat hij verder.
Abraham is in de war. Hij ziet steeds meer sterren.
'Ik geef het op,' zegt hij tegen God.
'Er zijn zoveel. Ze zijn niet te tellen.'
God lacht.
'Je hebt gelijk. Ze zijn niet te tellen.'



'Mar harkje no goed, Abraham. Ik fertel dy wat moais. Sara kriget in jonkje. En dat jonkje wurdt grut. Hy kriget ek bern. En dy bern krije ek wer bern. Sa giet it mar troch. Dyn famylje wurdt hiel grut. Net te tellen, safolle minsken. Krekt safolle as de stjerren.' Abraham kin it hast net leauwe. Mar God seit it. En Abraham fertrout God. Dy grutte famylje is der kommen. Se hite: de Israeliten.

'Maar luister nu goed, Abraham. Ik vertel je wat moois. Sara krijgt een baby, een jongetje.
En die baby wordt groot. Ook hij krijgt later kinderen. En die kinderen krijgen ook weer kinderen.
Zo gaat het maar door. Jouw familie wordt heel groot.
Niet te tellen, zoveel mensen.
Precies zoveel als de sterren.'
Abraham kan het bijna niet geloven. Maar God zegt het.
En Abraham vertrouwt God.
De grote familie is er gekomen. Ze heten: de Israëlieten.




Ruth

In heit en in mem ha twa bern. Twa jonges. Se wenje yn it lân Israel.
Yn de stêd Betlehem. Se hâlde in soad fan elkoar. Dat is moai. Der is
ek wat, dat net sa moai is. Se ha hunger. Der is gjin iten. Alle dagen
skynt de sinne en it reint noait. Dêrom groeit der neat. Al hiel lang
net. De heit en mem wolle ferhúzje. Nei in oar lân. Dat lân hyt Moab.
Dêr is wol iten.



Ruth

Een vader en moeder hebben twee kinderen. Twee jongens. Ze wonen
in het land Israël. In de stad Bethlehem.
Ze houden heel veel van elkaar. Dat is fijn.
Maar er is ook iets, wat niet zo mooi is. Ze hebben honger.
Er is geen eten.
Alle dagen schijnt de zon en het regent nooit. Daarom groeit het gras
niet. Al heel lang niet.
De vader en moeder willen verhuizen. Naar een ander land. Dat land
heet Moab.
Daar is wel genoeg te eten.



No wenje se yn Moab. Mar der gebeurt hiel wat slims. De heit fan de beide jonges giet dea. Noömy, sa hyt de mem, hat sa'n fertriet. Se gûlt hiel faak. Mar de jonges passe goed op har. De jonges binne net lyts mear. It binne grutte mannen. Se binne al troud. De iene mei Orpa. De oare mei Ruth. Dan gebeurt der wêr wat slims. De mannen wurde allebeide siik. En se geane ek dea. Mem Noömy bliuwt allinne oer. Mar mei Orpa en Ruth. Dy helpe har.

Nu wonen ze in Moab. Maar er gebeurt daar iets heel ergs. De vader van de jongens sterft.

Naomi, zo heet de moeder, heeft veel verdriet. Ze huilt heel vaak.


Maar de jongens passen heel goed op haar.

De jongens zijn niet klein meer. Het zijn grote mannen. Ze zijn al getrouwd. De ene met Orpa. De andere met Ruth.

Dan gebeurt er weer iets ergs. De mannen worden allebei heel erg ziek.

En ze sterven allebei. Moeder Naomi blijft alleen over.

Maar Orpa en Ruth blijven bij haar. Die helpen haar.




Op in dei tinkt Noömy: Ik wol werom nei Betlehem. Dêr is no wol wer
iten. Orpa en Ruth geane mei. Mar ûnderweis seit Noömy tsjin Orpa
en Ruth: 'Jim moatte werom gean. Jim hearre yn jim eigen lân.
By jim eigen famylje. En by jim eigen God.' Orpa knikt fan ja.
Sy giet werom. Mar Ruth wol net. 'Ik gean mei nei Betlehem,' seit Ruth.
'Ik hâld fan jo. En fan jo God.' Dêr wurdt Noömy hiel bliid fan.

Op een dag denkt Naomi: ik wil weer terug naar Bethlehem. Daar is nu
wel weer eten.
Orpa en Ruth gaan met haar mee. Onderweg zegt Naomi tegen Orpa en
Ruth: 'Jullie moeten weer terug gaan. Jullie horen in je eigen land. Bij
jullie eigen familie. En bij jullie eigen God.'
Orpa knikt van ja.
Zij gaat weer terug. Maar Ruth wil niet.
'Ik ga mee naar Bethlehem,' zegt Ruth.
'Ik hou van U. En van Uw God.'
Daar wordt Naomi heel blij van.



Noömy en Ruth komme wer yn Betlehem te wenjen. Noömy is no in âlde frou. Ruth wol goed op har passe. Dêrom giet Ruth oan it wurk. By in boer op it lân.

Naomi en Ruth komen terug in Bethlehem en gaan daar weer wonen. Naomi is nu een oude vrouw. Ruth wil goed voor haar zorgen. Daarom gaat Ruth aan het werk. Bij een boer op het land.



De boer hyt Boaz. No ha
 Noömy en Ruth wer genôch te
 iten. Boaz fynt Ruth hiel leaf.
 Hy wol mei har trouwe. En Ruth
 wol ek mei Boaz trouwe.
 Dat wurdt in grut feest. En letter
 krije Boaz en Ruth in lytse poppe.

De boer heet Boaz.
 Nu hebben Naomi en Ruth weer genoeg te eten.
 Boaz vindt Ruth heel lief.
 Hij wil met haar trouwen. En Ruth wil ook graag met Boaz trouwen.
 Dat wordt een groot feest.
 Een poosje later krijgen Ruth en Boaz een baby.




De Israeliten wolle in kening

Dit ferhaal giet oer dy grutte famylje fan Abraham, de Israeliten. Sy wenje yn Kanaän. Dat is in moai lân. En in ryk lân. Dat witte de minsken út lannen dêr yn de buert ek wol. Soms komme dy om kij en skiep te stellen. En iten út de hokken. En djoer spul út de huzen.

De Israëlieten willen een koning.

Dit verhaal gaat over de grote familie van Abraham, de Israëlieten. Ze wonen in Kanaän. Het is een prachtig mooi land. En een rijk land. Dat weten de buurlanden ook heel goed. Soms komen mensen uit die landen om koeien of schapen te stelen. En eten uit de hokken. En kostbare spullen uit de huizen.



Dat is natuerlik niet fijn. Maar wat kunnen de Israëlieten daar nu tegen doen?

De andere landen hebben sterke mannen. Dat zijn soldaten. Ze hebben ook een koning.

Die is de baas. De Israëlieten hebben geen koning. Zij hebben alleen maar profeten.

Profeten zijn mannen die God gestuurd heeft. Zij vertellen dat de mensen lief en goed voor elkaar moeten zijn.

De mannen van God, de profeten, die vechten niet.



De Israeliten wolle ek in kening ha. In kening dy't yn in paleis wennet. Mei in gouden kroan op de holle. En djoere klean oan. Mar dy't ek in protte soldaten hat. Dan doare dy oare minsken miskien net mear te kommen.

De Israëlieten willen ook een koning hebben.
 Een koning die in een paleis woont.
 Hij moet een gouden kroon op zijn hoofd. En dure kleding aan. En wat heel belangrijk is, hij moet ook heel veel soldaten hebben.
 Dan durven de andere mensen misschien niet meer te komen.

De Israeliten geane nei de profeet Samuël.
'Wy wolle in kening ha,' sizze se. 'Krekt sa as de
oaren.' Samuël skrikt. 'God is jim kening,' seit er.
'Mar God kinne wy net sjen. Wy wolle in kening
dy't wy sjen kinne. Dy't yn in paleis wennet.
En de baas is fan in leger.'




De Israëlieten gaan naar de profeet Samuël.
'Wij willen een koning hebben,' zeggen ze.
'Precies zoals de mensen in andere landen.'
Samuel schrikt.
'God is jullie Koning,' zegt hij.
'Maar God kunnen wij niet zien. Wij willen een koning die we kunnen
zien. Die in een paleis woont. En de baas is van een leger soldaten.'



Dy nacht kin Samuël net sliepe. Hy begjint mei God te praten.
'Hoe moat it no, God?' freget er. God seit tsjin Samuël: 'Dit is net sa
moai, Samuël. Jou har har sin mar.' 'Mar wa moat dan kening wurde?'
freget Samuël. 'Jou do dy no mar del,' seit God. 'Ik sil foar in
kening soargje.'


Die nacht kan Samuel niet slapen. Hij begint met God te praten, bidden.
'Hoe moet dit nu, God?' vraagt hij.
God zegt tegen Samuel: 'Dit is niet zo mooi, Samuel. Maar, geef ze hun
zin maar.'
'Maar wie moet dan de koning worden?' vraagt Samuel.
'Ga jij nu maar slapen,' zegt God. 'Ik zal voor een koning zorgen.'

Op in dei komt in grutte jonge man by Samuël. 'Ik hyt Saul,' seit er. 'Us ezels binne fuortrûn. Ha jo se miskien sjoen?' 'Nee,' seit Samuël. 'Ik ha gjin ezels sjoen.' Dan heart Samuël de stim fan God. 'Sis tsjin Saul: De ezels binne al wer thús. Mar Ik moat dy noch wat fertelle: Saul wurdt kening. Sis dat mar tsjin de mannen fan Israel.' En sa is it kommen.



Op een dag komt een grote jonge man bij Samuel.
 'Ik heet Saul,' zegt hij.
 Onze ezels zijn weggelopen. Hebt U ze misschien gezien?
 'Nee,' zegt Samuel. 'Ik heb geen ezels gezien.'
 Dan hoort Samuel de stem van God.
 'Zeg tegen Saul: 'De ezels zijn al weer thuis.
 Maar ik moet je nog wat vertellen: Saul, jij wordt koning.
 Zeg dat maar tegen de mannen van Israël.'
 En zo is het gebeurd.





De earme widdo

Eliza is in feint fan God. Op in dei komt in widdo by him. Dat is in frou dy't gjin man mear hat. Se gûlt en fertelt: 'Ien moat jild fan my ha. Mar dat ha ik net. Dêrom wol dy man myn beide jonges ferkeapje.' 'Dat mei net,' seit Eliza. 'Ha jo ek wat oars om te ferkeapjen?' De frou seit: 'Nee, ik ha alles al ferkocht. Ik ha allinnich noch in fleske oalje. Miskien krij ik wat moal. Fan myn buorfrou. Dan kin ik noch krekt in pear pankoeken bakke. Mar dan is alles op.' Eliza wol de frou graach helpe. Mar hoe?



De arme weduwe

Elisa is een knecht van God. Op een dag komt er een weduwe bij hem. Dat is een vrouw die geen man meer heeft. Ze huilt en vertelt: 'Iemand moet geld van mij hebben. Maar dat heb ik niet. Daarom wil die man dat ik mijn beide jongens ga verkopen.' 'Dat mag niet,' zegt Elisa. 'Hebt U ook wat anders om te verkopen?' De vrouw zegt: 'Nee, ik heb alles al verkocht. Ik heb alleen nog een flesje olie. Misschien krijg ik daar wat meel voor. Van mijn buurvrouw. Dan kan ik daar nog een paar pannenkoeken van bakken. Maar dan is alles op.' Elisa wil de vrouw graag helpen. Maar hoe?



Eliza giet op de knibbels. En freget God oft Dy helpe wol. Dan komt Eliza wer oerein. Hy seit tsjin de frou: 'Gean nei alle buorlju ta. En freegje om alle amers en tobkes. En om alle potten en pannen. Dy nimme jo mei nei hûs. Dan de doar tichtdwaan. En it fleske mei oalje pakke. Jo jitte alle amers en tobkes fol mei de oalje. En de potten en pannen ek. Dan ferkeapje jo dy oalje foar jild.'

Elisa knielt. Hij gaat bidden. En hij vraagt God of Hij wil helpen. Dan gaat Elisa weer staan.

Hij zegt tegen de vrouw: 'Ga naar alle bureu. En vraag om alle emmers en teiltje, die ze hebben. Ook om alle potten en pannen. Die neem je mee naar je huis. Je doet dan de deur dicht.

Je pakt dan het flesje met olie. U giet alle emmers en teiltjes vol met olie. En de potten en pannen ook.

Dan verkoopt u de olie en heeft u weer geld.



De frou laket Eliza net út. Se seit ek net: dat kin net. Nee. Se seit wat oars. 'Tankje wol mynhear.' Se draaft nei hûs ta. 'Kom jonges, nei de buorlju.' Se sjouwe har hûs fol mei amers en tobkes. En potten en pannen. De frou pakt it lytse fleske mei oalje en jit, en jit, en jit mar troch... Dan is alles fol.

De vrouw lacht Elisa niet uit. Ze zegt ook niet: dat kan niet. Nee. Ze zegt wat anders.

'Dank je wel mijnheer.'

Ze loopt zo snel ze kan naar huis.


'Kom jongens, naar de burens.'

Ze sjouwen haar hele huis vol met emmers en teilen. En potten en pannen.

De vrouw pakt het kleine flesje met olie en giet, en giet, en giet maar door.... Dan is alles vol.

In sike man

Naäman wennet yn in fier lân.
En yn dat lân is hy de freon fan
de kening. Naäman is hiel ryk.
Mar hy is siik. Hy hat oeral
grutte rare plakken. Op syn
liif en op syn earms. Oeral.
Dy plakken jokje hiel slim.




Een zieke man

Naäman woont in een land, heel ver weg.
En in dat land is hij de vriend van de koning. Naäman is heel rijk.
Maar hij is ziek. Hij heeft overal op zijn lichaam grote rare plekken.
Op zijn buik en op zijn armen. Overal.
De plekken jeuken heel erg.



Naäman hat al by de dokter west.
 Dy kin him net better meitsje.
 Hy hat ek nei oare dokters west.
 Mar net ien kin him better meitsje.
 Yn Naäman syn hûs wennet ek in
 famke. Dat famke komt út in oar
 lân. Ut Israel. Sy wit wa't Naäman
 wol better meitsje kin. Yn Israel
 wennet in freon fan God. Dy kin
 Naäman better meitsje, seit se.

Naäman is al bij de dokter geweest.
 De dokter kan hem niet beter maken.
 Hij is ook naar andere dokters geweest.
 Maar niet één kan hem beter maken.
 In het huis van Naäman woont ook een meisje.
 Dat meisje komt uit een ander land.
 Uit Israël.
 Zij kent wel iemand die Naäman beter kan maken.
 In Israël woont een vriend van God.
 Die vriend van God kan Naäman beter maken, zegt ze.



Naäman wol earst net nei it famke harkje. Wa is dan dy freon fan God? Israel is ek hiel fier fuort. Dan moat er wol in wike op reis. Naäman wol net op reis. Net nei sa'n fier lân. Mar de plakken op syn liif jokje mar en jokje mar. Sil er toch mar nei Israel? Naäman giet op reis. Mei syn hynder-en-wein. Hy hat ek helpers mei.

Naäman wil eerst niet naar het meisje luisteren. Wie is dan die vriend van God?

Israël is ook heel ver weg. Dan moet hij wel een week lang op reis.


Naäman wil niet op reis.

Niet naar zo'n ver land. Maar de plekken op zijn lichaam blijven maar jeuken, heel erg jeuken.

Zal hij dan toch maar naar Israël gaan?

Naäman gaat op reis. Met zijn mooie wagen met het paard ervoor.

Zijn knechten gaan ook mee.



Nei in hiel soad dagen komme se by in hûs. It is in lyts hûs. Naäman syn hûs is folle grutter. Mar hjir wennet Eliza, de freon fan God. Dy bedoelde it famke. De doar fan it hûs giet iepen. Mar Eliza komt net. Hy stjoert in jonge. Naäman wurdt ilk. Hy is in freon fan de kening. Dan heart Eliza sels te kommen.

Na heel veel dagen komen ze bij een huis. Het is een klein huisje. Naäman zijn huis is veel groter. Maar hier woont Elisa, de vriend van God. De man, die het meisje bedoelde. De deur van het huisje gaat open. Maar Elisa komt niet. Hij stuurt een jongen. Naäman wordt boos. Hij is de vriend van de koning, dus heel belangrijk. Dan hoort Elisa zelf te komen.



De jonge fertelt wat Naäman dwaan moat. As er wer better wurde wol. Naäman wol graach better wurde. Mar wat seit de jonge?
 'Jo moatte jo yn it wetter fan de Jordaen waskje. Net ien kear.
 Net twa kear. Net trije kear. Net fjouwer kear. Net fiif kear. Net seis kear. Mar sân kear. As jo jo sân kear wosken ha, sille jo better wêze.'
 Naäman wie al lilke. No wurdt er noch lilker. Sân kear waskje?
 Yn de Jordaen? Wêrom? Hy wasket him ommers alle dagen al.


De jongen vertelt wat Naäman moet doen. Wanneer hij weer beter wil worden. Naäman wil graag beter worden.

Maar wat zegt de jongen?

'U moet zich in het water van de Jordaen wassen. Niet één keer. Niet twee keer. Niet drie keer. Niet vier keer. Niet vijf keer. Niet zes keer. Maar zeven keer. Als u zich zeven keer gewassen heeft, zult u beter zijn.'


Naäman was al boos. Nu wordt hij nog bozer. Zeven keer zich wassen? In de Jordaen? Waarom? Hij wast zich immers al alle dagen.

'Fuort,' roept er tsjin syn helpers. 'Ik wol hjir wei.'
 Hy is så lilik. Naäman syn helpers binne in bytsje bang.
 Omdat Naäman sa lilik is. En dat er net harkje wol,
 fine se net moai. Se sizze: 'Doch no wat de jonge seit.
 Dat is ommers maklik. Sjoch, hjir is de Jordaan.
 Spring der no mar yn. En waskje jo sân kear.'
 Naäman tinkt nei. Hy wol graach better wurde.
 Witst wat, tinkt er. Ik doch it. En it wûnder
 gebeurt. Nei sân kear waskjen is Naäman
 wer better. De rare plakken binne fuort.
 En it jokket net mear. Wat is er bliid!



'Weg,' roept hij tegen zijn knechten. 'Ik wil hier weg. '
 Hij is zo verschrikkelijk boos. Naäman zijn knechten zijn een beetje
 bang. Omdat Naäman zo boos is. En dat hij niet wil luisteren, dat vinden
 ze niet mooi.
 Ze zeggen: 'Doe nu maar wat de jongen zegt. Dat is immers gemakkelijk.
 Kijk, hier is de Jordaan. Spring er nu maar in. En was u zelf zeven keer.'
 Naäman denkt na. Hij wil wel graag weer beter worden.
 Weet je wat, denkt hij. Ik doe het. En het wonder gebeurt.
 Na zeven keer wassen is Naäman weer beter. De rare plekken zijn weg.
 De jeuk is ook weg, wat is hij blij.

De nacht, die nooit vergeten wordt.



De nacht, die nooit vergeten wordt.


Twee mensen zijn op reis. Het zijn Jozef en Maria. Ze zijn onderweg naar Bethlehem.

Dat is een hele lange reis. Voor Maria is het niet fijn. Het reizen valt haar zwaar, want ze krijgt bijna een baby. Het is al laat wanneer ze in Bethlehem aankomen. Ze zoeken een plek waar ze kunnen slapen. Maar nergens is er plaats.

Hoe moet dat nu? Ze vragen nog aan een man: 'Heeft u ook een slaapplek voor ons?'

Nee,' zegt de man, 'niet in mijn huis. Maar jullie mogen wel in de stal van de dieren slapen.'

No binne Joazef en Maria yn de stâl.
Joazef hat in lampke oanstutsen.
En hy hat in bêd fan hea foar
Maria makke.



Nu zijn Jozef en Maria in de stal.
Jozef heeft een olielampje aangestoken.
En hij heeft een bed van hooi voor Maria gemaakt.



Yn dizze nacht kriget Maria in lytse poppe. It is in jonkje.
Hy gûlt in bytsje. Mar dan kriget er drinken fan syn
mem. En dan gûlt er net mear. Wat binne Joazef
en Maria bliid. It is sa'n moaie poppe.
Hy hyt Jezus. Dat is: God helpt.
Is dat net in moaie namme?

In deze nacht krijgt Maria een baby.
Het is een jongetje.
Hij huilt een klein beetje.
Maar dan krijgt hij drinken van zijn mama.
En dan huilt hij niet meer.
Wat zijn Jozef en Maria blij.
Het is zo'n mooie baby.
Hij heet Jezus.
Die naam betekent: God helpt.
Is dat niet een mooie naam?

Maria docht lekker waarme doeken om de lytse
Jezus hinne. Dan leit se him yn in bedsje.
It is net in echt bedsje. It is in krêbe.
It iten foar de skiep sit altyd yn de krêbe.
Mar de skiep binne yn it fjild.
No leit Jezus yn de krêbe.
Dêr kin Er lekker sliepe.



Maria doet lekkere warme doeken om de kleine Jezus heen.
Dan legt ze hem in een bedje.
Het is niet een echt bedje. Het is een kribbe.
Het eten voor de schapen zit altijd in de kribbe.
Maar nu zijn de schapen buiten in het veld.
Nu ligt Jezus in de kribbe.
Daar kan Hij lekker slapen.

Ljocht yn de nacht

Net fier fan de stâl binne
hoeders yn it fjild. Se passe
op de skiep. Dy skiep lizze om
de mannen hinne. De hoeders
sitte by in fjoer. Dat is lekker
waarm. Se wurde in bytsje
slûch. Ynienen skrikke se!
De loft wurdt hiel ljocht.
Hoe kin dat? De mannen
sjogge yn it ljocht in ingel.
In INGEL! Dat gebeurt hast
noait. Want in ingel komt by
God wei. Ut de himel. En dy
komt net samar út de himel.
Der is dus wat bysûnders.
Mar wat?



Licht in de nacht

Niet ver van de stal zijn herders in het veld. Ze passen op de schapen.
De schapen liggen om de mannen heen verspreid.
De herders zitten bij het vuur. Dat is lekker warm.
Ze worden een beetje slaperig. Ineens schrikken ze!
De lucht wordt heel licht.
Hoe kan dat? De mannen zien in het licht een engel.
Een ENGEL!
Dat gebeurt bijna nooit. Want een engel komt bij God vandaan.
Uit de hemel. En die komt niet zomaar uit de hemel.
Er gebeurt dus iets bijzonders.
Maar wat?



De hoeders
binne bang.
Se dogge de
hannen foar de
eagen. Mar stikem
sjogge se tusken de
fingers troch. Gelokkich,
de ingel sjocht hiel bliid.
'Jim hoege net bang te wêzen,'
seit er. 'Ik sil jim wat moais fertelle.
Yn de stâl is in berntsje op de wrâld
kommen. Dat berntsje is de
Soan fan God.'

De herders zijn bang.
Ze doen hun handen voor de ogen.
Maar stiekem kijken ze tussen de vingers door.
Gelukkig, de engel kijkt heel blij.
'Jullie hoeven niet bang te zijn,' zegt hij.
'Ik zal jullie iets moois vertellen.
In de stal is een baby op de wereld gekomen.
Dat kindje is de Zoon van God.'



Dan
wurd't it
noch ljochter. Yn
de loft binne no in
hiel soad ingels. En
se sjonge in prachtich
ferske: Eare oan God yn
de himel. En frede op de
ierde. Want God hâldt fan
alle minsken. It sjongen klinkt
sà moai. Mar nei in skoftke geane
de ingels werom nei de himel. De
hoeders hearre noch in bytsje sjongen.
Dan hearre se neat mear. En it is wer
tsjuster. Se wriuwe yn de eagen. Ha se it
dreamd? 'Nee,' seit ien fan de hoeders. 'Wy ha
net dreamd. Dit is echt wier. Wy moatte nei de
stâl.' Se springe oerein. De skiep litte se allinne. Dêr
past God no wol op. Sy moatte nei dat berntsje ta.

Dan wordt het nog lichter.
In de lucht zijn nu heel veel engelen.
Ze zingen een prachtig lied:

Ere zij God in de Hemel. En vrede op aarde.
Want God houdt van alle mensen.

Het zingen klinkt zo mooi.
Maar na een poosje gaan de engelen weer terug naar de Hemel.
De herders horen nog een beetje het zingen.
Dan horen ze niets meer. En het is weer donker.
Ze wrijven in hun ogen. Hebben ze gedroomd?
'Nee,' zegt één van de herders. 'Wij hebben niet gedroomd.
Dit is echt waar. Wij moeten naar de stal.'
Ze springen overeind. De schapen laten ze alleen.
Daar past God nu wel op.
Zij moeten naar dat kindje toe.

Yn de stâl fine de hoeders Him.
Krekt sa't de ingel sei. Se fertelle
Joazef en Maria it ferhaal.
Fan de ingel syn boadskip en
fan it sjongen. En dat se sa bliid
binne. Omdat it berntsje Jezus
kommen is. Foar alle minsken.
Dan geane de hoeders wer
nei de skiep. Mar dizze
nacht sille se nooit ferjitte.



In de stal vinden de herders Hem.
Precies zoals de Engel zei.
Ze vertellen Jozef en Maria het verhaal.
Van de Engel zijn boodschap en van het zingen.
En dat ze zo blij zijn.
Omdat het kindje Jezus gekomen is.
Voor alle mensen.
Dan gaan de herders weer naar de schapen.
Maar deze nacht zullen ze nooit vergeten.

Bij de rivier de Jordaan.





By de Jordaen

De Jordaen is in rivier. Op in plak dêr't de Jordaen net sa djip is, stiet in man. Hy hat in lange brune jas oan. Hy hyt Johannes. Der rinne in soad minsken by him lâns. Johannes wol dy minsken wat fertelle. In boadskip fan God. Oer hoe't de minsken dwaan moatte. Dat se in oar net peste meie. Dat se net lige meie. En ek net gemien dwaan. 'Dêr moatte jim mei ophâlde,' seit Johannes. 'God wol dat net lije.'

Bij de Jordaen

De Jordaen is een rivier. Op een plekje in de Jordaen, waar het niet zo diep is, staat een man.

Hij heeft een lange bruine jas aan. Zijn naam is Johannes. Er lopen heel veel mensen bij hem langs.

Johannes wil de mensen wat vertellen. Een boodschap van God.


Vooraf hoe en wat de mensen moeten doen.

Dat ze elkaar niet mogen pesten. Dat ze niet mogen liegen. En ook niet gemeen tegen elkaar doen.

'Daar moeten jullie mee ophouden,' zegt Johannes.

'Dat mag niet van God.'

Hy freget de minsken: Wolle jim in bern fan God wurde? Dat wolle de minsken graach. Dêrom doopt Johannes al dy minsken. Yn it wetter. Yn de Jordaen. Hy hâldt se eefkes kopke-ûnder. De minsken binne sa bliid. It fielt hiel moai. Se hearre no by God. Johannes fertelt noch mear. Hy seit: 'De Heare Jezus komt. Dan wurdt alles oars. Alles wurdt better.'




Hij vraagt de mensen: 'Willen jullie een kind van God worden?' Dat willen de mensen graag. Daarom doopt Johannes al die mensen. Met het water van de Jordaen. De mensen moet heel even met het hoofd onder water. Kopje onder. De mensen zijn zo blij. Het voelt heel fijn. Ze horen nu bij God. Johannes vertelt nog meer. Hij zegt: 'De Here Jezus komt. Dan wordt alles anders. Alles wordt beter.'



Op in kear stiet der in man op de wâl. Hy
wol ek doopt wurde. As de man doopt is,
seit God wat tsjin Johannes. Johannes
